

# Klún & Knoffelhakke: in bêst span!

BRANTGUM - Al hiel wat jierren binne Hendrik van der Heide en Broer Douma as it kabaretduo Klún & Knoffelhakke mei-inoar op in paad. Sûnt 1994 brochten se fjouwer jûnsfoljende programma's mei in soad súkses oan de man en no steane se rûnom op 'e planken mei har fiifde programma, 'It is de boer allikefolle ...'.

It programma iepene freedtejûn it kulturele winterskoft yn doarpshûs De Terpring yn Brantgum. Dêr wie it suver waarm genôch foar it út ein setten fan it winterskoft, mar dêr hearsken tagelyk de temperatueren dêr't dit programma om sa mar te sizzen om freget. It draait dêryn nammentlik allegear om in boerecamping yn 'e simmer. Op dizze camping binne Hendrik en Broer respektivelik baas en assistint, mar ek alle soarten fan fakânsjegongers. It is yn it programma sels, dat se yn en út de hûd fan al dizze personaazjes stappe, want se begjinne en einigje it gehiel gewoan as Hen-

drik en Broer. As twa minsken dy't it alhiel net iens binne oer saken as it ferjongjen fan harren kabaret en it al as net ynsetten fan de akkordeon dêrby, mar dy't nettsjinsteande dat hiel ienriedich ferskes sjonge op bekende wizen lykas dy fan Jan Smit. Hielendal deselde maneuvres meitsje se dêr net by, mar hawar, lit dat in yllustraasje wêze fan harren útinoar rinnende persoanlikheden. Dêrtroch binne net allinnich de ûnderlinge petearen mear as de muoite wurdich, mar steane de ferskate typkes ek hieltyd kostlik foar inoar oer. Yn wurden en yn klean - troch yngenieuze fynsten mist men dejinge dy't him ferklaait amper op it poadium - binne se elkoars tsjinpoalen en dat komt der foaral moai út as ien fan beiden ek noch in frouljusrol spilet. Oan minsken gjin brekme op it toaniel, mei syn libbensechte campingdekor, en oan situaasjes likemin.

Alle situaasjes hawwe in moai ôfpaste foarm en floeie op in oannimlike wize yninoar. De man dêr't it aldermeast om lake

wurde kin is Sjouke(Broer), de campinghelp. Hy kin fan loaiens hast net prate en skammet him út noch yn net dat er nearne sin oan hat. It iennichste dat er docht is in hege multimediateal op it hiem sette en de boel - mei de nedige kwinkslagen rjochting publyk - min ofte mear skj-infeie.

De 'frou fan Folkert' is in hiele moaie rol fan Hendrik. Dizze bazige frou - se hat suver in relaasje mei de Tom Tom op har fyts - set twa tinten op en hat har eigen bôlemasine meinommen om't it neffens it blêd Margriet goed is om as man en frou ris efkes apart te sliepen en ek om ris hielendal selfsupporting te wêzen. It bôlebakken leveret in sêne op om jin de bûsen by út te skuorren. In man dy't neffens eigen sizzen noch nea op ien slak sâlt lein hat, mar dat as gemeentlik amtner eins op allegear tagelyk docht, is Riekele Regelman.

It 'Ha jo dit en ha jo dat wol yn oarder' nei de campingbaas ta is by him net fan de loft en de oerdriuwing is hjir goed foar in

soad humor. Deselde man bringt de tillefoanyske dokterswacht mei in weareld selshelptoetsen en -opsjes op it aljemint en ek dat is in boppeslach. Ien fan de spannendste items is it skoft. Alleast de oanrin derhinne. Dy is mei al it gedoch om in tikjend kofferke hinne, dêr't úteinlik oars neat yn blykt te sitten as it wurd 'skoft', tige aktueel.

Nei it skoft giet men op de camping nei it húske mei 'Volledige Vergunning', komt der in skoalleklasse del mei in master waans opfieding foaral oan Siebe, in frouljusgek, foarbygiet en wurdt der fleurich sjongend mei selsmakke Nordic Walkingstokken kuiere. En samar krije de beide mannen it publyk ek noch safier dat it steande it Frysk Folksliet sjongt. Ja wier, se kinne der wat fan, dy Hendrik en Broer. De lêste improvisearret boppedat samar it ien en oar byinoar yn in petearke mei de seal. Yn it gefal fan 'de flagge út' gie er wat my oanbelanget krekt efkes oer de skreef, mar fieders haw ik gjin klachten!

RENNIE VEENSTRA